



TOANIESELSKIP NIEUW LEVEN

INGELUM

We binne wer los!



- [Begin pagina](#)
- [English page](#)
- [Engelum](#)
- [Geschiedenis](#)
- [Dorpsfoto's](#)
- [Kerkklokken](#)
- [Bewoners](#)
- [Dorpsbelang](#)
- [Verenigingen](#)
- [Jeugdclub](#)
- [De oude doos](#)
- [Woningaanbod](#)
- [Sponsors](#)
- [K.v.Sla Raak](#)
- [Museum](#)
- [Fietsroute](#)
- [Links](#)
- [Archief](#)
- [Redactie](#)
- [E-mail](#)
- [Gastenboek](#)




Ús leden binne sûnt 2 septimber alwer drok yn 't spier om foar jim op de lêste sneon fan jannewaris en de earste sneon fan febrewaris 2011 "Mei ik no mem sizze" op 'e planken te setten. In stik wêr't alle bestândielen yn oanwêzich binne om jim in noflikke toanieljûn te besoargjen. De rezjy is dit jier in hannen fan Siebe Siebenga út Burgum. Siebe is gjin ûnbekende fan ús. Siebe hat al faker foar ús de rezjy fersoarge, wy hawwe yn die tiid in protte wille my elkoar belibbe en wy hoopje dat wy ek dit jier wer in leuk winterskoft yn e' mjitte gean.





Dit jier kinne wy in nij froulik lid wolkom hite. Klazina van der Wal komt ús selskip fersterkjen. Klazina wy binne tige ynnaam my dyn komst en wy hoopje datst do dy gau thús fielst by Nieuw Leven. Net allinnich Klazina, mar ek Nynke Miedema sil har debút op'e planken belibje yn Skerne Wibe.



It stik wat wy foar jim útfiere sille giet oer út libben fan Leo fan de Spek en syn frou Martha. Leo is skriuwer fan erotyske romans, om genôch ynspiraasje te krijen nimt hij it net sa nau mei syn houlik. Martha sit net lekker yn har fel, en dat lit se ek faak blike. It ienige fernoenen wat se hat is de omgong mei de geastlik achterbleaune dochter fan de buorman. As Ludo, de broer fan Leo en eks fan Martha om 'e hoeke setten komt is it ferhaal hielendal kompleet. Ludo blykt net sa freonlik as at der froeger wie. Martha wy yn it ferliene yn ferwachting fan Ludo, ûnder druk fan har âlders hat se de poppe ôfstien. De druk om har dochter werom te finen wurdt hieltyd heftiger en se nimt dan ek it beslút har te sykjen.





Sa't wy al seine, echt in stik wer alle bestândielen yn oanwêzich binne foar in noflike toanieljûn.



Nijsgjirrich wurden? Kom dan op sneon 29 jannewaris of sneon 5 febrewaris 2011 nei Skerne Wibe yn Ingelum. Beide jûnen begjinne om 20.00 oere. De generale repetysje hâlde wy op moandei 24 jannewaris 2011, de oanfang is dan 19.00 oere. Notear dizze data alfêst yn jim aginda!



De kaartferkeap start yn jannewaris. Yn it jannewarisnûmer fan Doarp en Sport en fia www.Engelum.com hearre jim noch fan ús by wie en wannear jim kaarten bestelle kinne.





Graach oant sjen op ien fan ús útfieringsjûnen yn Ingelum!!

It bestjoer.

[Toaniel foto's 2010](#)

[Werom](#)

